



# de Earne

Jiergong 20, nûmer 75, augustus 2019

## FOW Earnewâld hâldt op

Yn 2016 en 2017 binne 5 bestjoersleden fan it FOWE der om ferskate redenen mei ophâlden. Op dat stuit wienen der noch 2 bestjoersleden oer:

Tine van Minnen dy't der al 20 jier yn sit en der mei ophâlde wol no't se al in pear jier mei pinsjoen is en Jan van der Wal dy't no sûnt ein 2016 meidraait. Dêrneist docht Jan Lautenbach noch aktyf mei as administrateur en webmaster.

Boppedat sit der ek gjin tsjerkeriedslid fan de lokale tsjerke mear yn it bestjoer. Dat moat eins al neffens it karbrief, want alle Frysk Oekumenysk Wurkferbannen wolle altyd gearwurkje mei lokale tsjerklike gemeente(n). Lykwols hat de PKN Earnewâld it nei de fúzje drok mei har eigen saken en ek dêr rint it net oer fan de frijwilligers. It draaiend hâlden fan it wurkferbân mei twa bestjoersleden is net te dwaan, mar de syktocht nei nije, Frysksinige tsjerkeminsken, dy't har ynsette wolle foar de doelstellings fan it FOWE hat gjin súkses hân.

Fierder is benammen troch âlder wurden en ferstjerren fan de (Frysksinige) tsjerkeleden yn Earnewâld yn it bysûnder, mar ek yn de omkriten, de efterban fan it FOW en it tal besikers fan de tsjerketsjinsten bot tebekrûn. Dat hat ek de reden west om simmerdei gjin tsjinsten mear te organisearjen.

It bestjoer hat no besletten om nei 2019 op te hâlden mei de tsjerketsjinsten. Wy sille de Stifting FOWE noch net daalk opheffe (wa wit, binne der oer in pear jier wyl entûsjaste minsken te finen dy't it wurk fuortsette wolle).

Ynearsten wurdt it FOWE dus in 'sliepende' Stifting, dy't oars net docht, as it behear fan it eigen fermogen. Dat behear sil yn it teken stean fan it doel fan de Stifting: it befoarderjen fan it hâlden fan Frysktalige tsjerketsjinsten, bygelyks troch it stypjen fan de oare Wurkferbannen.

Dêrneist bliuwe fansels alle aktiviteiten mooglik dêr't mar man/froukrêft foar te finen is.

It is spitich dat it sa einiget, mar de kommende jierren sille noch wol mear tsjerkens slute (moatte). It is hjir net it plak om te analysearjen wat de problemen fan de hjoeddeiske lear en praktyk fan de tsjerke binne.

Wy sjogge werom op in Wurkferbân, dat goed 20 jier (sûnt 4 oktober 1998) meidraaid hat yn de mienskip fan Earnewâld en omkriten. Wy hawwe tige moaie

## De Earnewâldster Rûnte

Om't de Earnewâldster Rûnte (ER) noch altyd goed draait (sawol organisaatoarysk as kwa besikers) mar yn feite net it haaddoel fan it wurkferbân is (dat is it organisearjen fan Fryske tsjerketsjinsten yn Earnewâld) hat it bestjoer fan it FOWE yn oerlis mei de kommisje ER besjoen hoe oft de aktiviteiten it bêste fuortset wurde kinne.

It FOWE wol dat sels net dwaan, om't dat wer bestjoerlike en finansjele oanspraaklikens meibringt. Der is dêrom besletten in aparte Stifting Earnewâldster Rûnte/Rotonde op te rjochtsjen, dy't as doel hat it organisearjen fan de lêzingen yn Earnewâld.

De Stifting krijt in startkaptaal mei fan it FOWE, sadat se yn alle gefallen jierren foarút kinne.

De lêzingen foar it winterskoft 2019-2020 sille al foar rekken fan de nije Stifting komme.

It bestjoer fan it FOWE winsket de nije Stifting in soad súkses mei it fuortsetten fan de lêzings.

**Tine van Minnen en Jan van der Wal**

tsjinsten hân: oertinkings dy't jin wat seinen, goeie koaren, moaie muzyk en in noflikke mienskip.

Wy tinke bygelyks ek oan de searje preken fan dûmny Klooster oer it ús Heit en de belidenis.

It súkses fan de lêzingen fan de Earnewâldster Rûnte - in idee fan foarsitter Doeke Faber - kaam ús suver oer it mad, mar die ús as bestjoer tige goed.

En der sille ek minsken wêze, dy't de Earn aanst misse sille. Hoe faak krigen we net in komplemintsje fan in lêzer foar ien of oare preek of oertinking.

Wy tinke fansels ek oan de moed en fleur fan eardere bestjoersleden: Doeke Faber is al neamd, mar ek Hieke Bruinsma, Koos Landheer en in soad oaren (ek fan bûten it doarp), dy't wy hjir net alle-gearre neame kinne.

Wat goed wie, sil goed bliuwe en wy tinke der mei waarme fielingen oan werom.

Wy hoopje jimme fan 't hjerst noch in pear kear te sjen yn de lêste tsjinsten en oars mooglik op de lêzingen fan de ER.

**It bestjoer fan it FOW Earnewâld  
Tine van Minnen en Jan van der Wal**

Foar alle ynformaasje oer it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld en de Earnewâldster Rûnte, tsjerketsjinsten, preken, ynformaasje út de Earn ensfh. sjoch op: [www.fowe.org](http://www.fowe.org)

## Preekrige

Alle tsjinsten fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld wurde hâlden yn de Agnes tsjerke (de eardere Herfoarme tsjerke)

Fan maaie oant en mei septimber 2019 binne der gjin tsjinsten fan it FOWE.

Foar de tsjinsten fan de PKN Earnewâld foar 2018 en 2019: sjoch op [www.pknearnewald.nl](http://www.pknearnewald.nl)

6 oktober	09.30 oere	Drs. G.W. Abma, Ljouwert Neitiid kofjedorinken	Frysk Oekumenysk Wurkferbân
3 novimber	09.30 oere	Pastor S. Draisma, Bolswert	Frysk Oekumenysk Wurkferbân
1 desimber	09.30 oere	Dhr. T. de Jong, Haskerhoarne Neitiid kofjedorinken	Frysk Oekumenysk Wurkferbân

## Rjocht dwaan

It begripen fan oare minsken is somtiden net maklik en sa is it faak ek mei de bibel.

De oarspronklike betsjutting fan de ferhalen is bytiden kompleet ûndersnijd. Se binne earst mûnling oerbrocht, letter opskreaun yn in taal dy't gjin gebrûk makket fan klinkers; in taal dy't - lykas alle âlde talen - mar in beheinde wurdeskat hat fan in goed 6.700 wurden, sadat de measte wurden faak mear betsjuttings hawwe kinne; se binne bewurke troch lettere generaasjes, oerskreaun troch skriuwers, dy't har wolris fersinden, sadat it NT mear as 250.000 ferskillen yn de tekst hat; oerset yn oare talen lykas Gryksk en Latyn en dêrút wei yn noch wer oare talen. Yn it gefal fan de Evangeeljes binne de oarspronklike Hebrieuske of Arameeske boeken ferlern gien, sadat wy ús rêde moatte mei Grykske oersettings dy't faak ûnbegryplik binne.

### Joadsk taaleigen

Yn dit artikel wol ik it hawwe oer sa'n oerset-probleem út Eksodus 20, de tsien geboaden. It giet my benammen om fers 5: "want Ik, de Heare dyn G-d, bin in oergeuntich G-d, dy't de ûngerjochtichheid fan 'e heiten op 'e bern ferhellet, oan it tredde en fjirde geslacht ta fan harren dy't my haatsje, mar dy't geunst bewiist oan it tûzenste geslacht fan dy't My leafhawwe en myn geboaden ûnderhâlde".

Noch altyd wurdt dizze útspraak brûkt om te bewizen, dat G-d in god fan straf en wraak is. Yn it foarste plak moat dan sein wurde, dat de betsjutting fan dit stikje benammen leit yn de tsjinstelling. It is in soarte fan byldspraak om ekstra klam op wat te lizzen. Want G-d is dus minstens 250 kear sa genedich as dat er wraaknimmerich is. Boppedat giet it hjir net om hús-tún-en-koken-sûnders, mar om minsken dy't G-d haatsje. Om minsken dy't yn en yn ferkeard binne en dêr't gjin salve mear oan te striken is. Dizze útspraak wol ús benammen útlizze hoe goed en barmhertich G-d is.

### Ferkearde oersetting

Foar in oar part binne de problemen ûntstien troch in ferkearde oersetting fan it Joadske tiidwurd "pakad". En jim begripe wol, dat ik my no hielendal ferlitte moat op de kennis fan Joadske taal-kundigen. Yn de Fryske oersetting wurdt bygelyks it

wurd "ferheljen" brûkt en ik haw preken heard mei in wiidweidige útlis oer de Nederlânske oersetting "die de ongerechtigheid der vaderen bezoek aan de kinderen . . ."

By taalwittenskippers is al lang bekend, dat dit stikje striemin oerset is en sels yn modernere oersettings wurdt faak noch it wurd "bestrafen" brûkt. Yn de nije Nederlânske NBV stiet it wurd "boeten". Blykber kin men gjin ôfstân nimme fan de straffende G-d, want it is al langer bekend dat it tiidwurd yn it foarste plak betsjut: tige krekt besjen, neigean, ûndersykje.

Dat it tiidwurd pakad ek oare betsjuttings hawwe kin, docht bygelyks bliken út Genesis 21, fers 1: De Heare tocht oan Sara.

Of út Jeremia 29, fers 10, dêr't it oerset wurdt mei "omsjen nei".

In goeie, tige frije, oersetting soe dus wêze kinne: "want Ik, de Heare dyn G-d, ûndersykje de skuld fan de heiten by bern en bernsbarn om te sjen of de sûnden fan yn en yn ferkearden trochwurkje yn har neiteam"

En pas dan, as dat dúdlik is, grypt G-d straffend yn. Iksels tink der wol ris by, dat bern al slim genôch straft binne mei sokke ferkearde âlden.

Om der ekstra klam op te lizzen dat de Joadske G-d net in G-d is fan kollektive ferjilding, sitearje ik noch in artikel út de wet: yn Deuteronomium 24 stiet yn fers 16:

"De heit mei net deade wurde om syn bern en de bern meie net deade wurde om de heit. Elk moat om syn eigen sûnde deade wurde."

Sa't jim sjogge, hawwe ferkearde oersettings, misbegripen oer de tiid en de kultuer ús mei in Godsbyld opskipe, dat net rjocht docht oan de Joadske ideeën oer G-d.

### Mei ferstân

Boppesteand foarbyld, makket dúdlik, dat Bibel-útlis net mooglik is sûnder yngeande stúdzje. En der binne gâns studinten, dy't troch har stúdzje teology har leauwen ferlieze, wylst oaren fan skrik flechtsje yn in soarte fan radikale otterdoksy. Ik kin my dat yntinke, mar foar mysels hat de twivel net G-d sels oantaast, mar allinne fraachtekens set by hiele rigen ideeën fan minsken oer G-d. Yn guon gefallen haw ik foar mysels fikse skrasse sette moatten troch guon tradisjonele kristlike dogma's.

## Earnewâldster Rûnte

### Program foar 6 lêzingen oer 'mei de moed fan de hoop'

#### Oer de krêft fan ferbyldzjen en de wei fan betrouwen

It wêzenlike fan it leauwen is geastkrêft. It is it fermogen om hoek te hâlden yn in kompleks, ynderlik tsjinstridich en fakentiids ûnbegryplik bestean mei sinleaze eienen en kanten. Dit lêste jildt net allinne foar it histoaryske barren dat him ôfspilet yn de grutte wrâld, mar ek likegoed foar sitewaasjes dêr't men as minske yn bedarje kin. As men dat yn jin omgean lit, kinne negative gefoelens fan defêtisme en synisme jin maklik yn de besnijing krije. Dat is lykwols in libbenshâlding dy't liede ta neat. It is dan ek net ommenocht dat yn de Bibel de hoop sa wêzenlik is. Dat is wat oars as sjen troch in rosse bril of oerflakkich optimisme. Hoop sit op folle djippere lagen. Hoop betsjut libbensmoed, gjin belies jaan, leauwe yn de takomst, warber bliuwe en kreatyf. Koartsein: hoop is de geastkrêft fan it libben.

**10 septimber 2019** Prof. Dr. C.J. (Cees) den Heyer

#### Jezus bron van hoop - ook bron van tegenspraak

De geschiedenis van de kerk is geen bron van hoop, maar kennis van het verleden kan ons wel inspireren de moed desondanks niet te verliezen.

*Prof.dr. C.J. (Cees) den Heyer is emearitus heechlearaar.*

**8 oktober 2019** Dr. T.O.F. (Ton) van Prooijen

#### Hopen tegen alle hoop in

Jürgen Moltmann zette in de jaren zestig het thema hoop op de theologische agenda. Hoe actueel is zijn 'theologie van de hoop' een halve eeuw later?

*Dr. T.O.F. (Ton) van Prooijen is dûmny yn Breda.*

**19 novimber 2019** Drs. J.S. (Hans) Schuman

#### Het kwaad van het niet kunnen hopen: de list van de ideologie van het hier en nu.

De druk van de moderne maatschappij op de mens om *nu* te presteren, *nu* te verdienen, *nu* te consumeren ontnemt hem de vrijheid om zich een toekomst te verbeelden die radicaal anders kan zijn. Bevrijding van het nu geeft ruimte voor de utopische verbeelding van de toekomst.

*Drs. J.S. (Hans) Schuman, sosjolooch, ferbûn oan Hegeskoalle 'Holland' as dosint en direkteur.*

**7 jannewaris 2020** Dr. S. (Sytze) Ypma

#### De creatieve kracht van geloofsmoed en verbeelding

Een godsdienstpsychologische beschouwing van Paul Tillich's werken over moed en geloof.

*Dr. S. (Sytze) Ypma is dûmny by de PKN tsjerke yn Frjentsjer.*

**4 febrewaris 2020** Prof. Dr. F. (Frits) de Lange

Heilige Onrust. Een pelgrimage naar het hart van religie

De hedendaagse pelgrim op weg naar Santiago de Compostella leert ons wat geloof in de kern is: opstaan, in beweging komen, de ene voet voor de andere zetten, leven van en in gastvrijheid.

*Prof.dr. F. (Frits) de Lange is heechlearaar Etyk oan de P.T.U., fêstiging Grins, [www.fritsdelange.nl](http://www.fritsdelange.nl)*

**3 maart 2020** Dr. C. (Colet) van der Ven

#### Een droom kerven in een hart, een boom, een stenen tafel

Misschien is het wel een van de grootste menselijke talenten om in het hart van de hel te kunnen geloven in de hemel. Om in het holst van de nacht te kunnen denken aan het ochtendgloren.

*Dr. C. (Colet) van der Ven, sjoernalist.*

**Tiid: 19.30 - 21.30 oere. Plak: PKN-Tsjerke Eben Haëzer. Adres: Wiidswei 6, 9264 TL Earnewâld**

**Yntekening** kin troch € 35,00 (de man/frou) oer te meitsjen op banknûmer NL62 RABO 0132 7430 51 op namme fan 'Frysk Oek. Wurkferbân', Nes, (fermeld yn de omskriuwing fan de betelling jim adres en postkoade yn ferbân mei it tastjoeren fan it program). It definitive program wurdt jim ein augustus tastjoerd. Losse ferkeap € 8,00 de lêzing.

Kontaktadres: Tine van Minnen, Wiesterwei 12, 9143 WJ Nes. Till.: 06 - 20600409

E: [tine.vanminnen@kpnplanet.nl](mailto:tine.vanminnen@kpnplanet.nl)

*De Earn*  
**Útjefte fan it Frysk Oekumenysk  
 Wurkferbân Earnewâld**

Redaksje en administraasje fan de Earn:  
 Tine van Minnen  
 Wiesterwei 12, 9143 WJ Nes (Dongeradiel)  
 Tillefoan (06) 20 60 04 09  
 E-post: tine.vanminnen@kpnplanet.nl

Ûnder redaksje fan:  
 Tine van Minnen en  
 Jan Lautenbach, (06) 10 92 48 08  
 E-post: jan.lautenbach@kpnplanet.nl

FOWE bankrekken: NL92 RABO 0349 8140 58  
 ISSN 1878 - 4348

Allinne sekten kenne de absolute wierheid. En guon fan dy sekten feroardielje oarstinkenden sûnder neitinken ta de dea en de hel.

Persoanlik moat ik sizze, dat it neffens my net sa wichtich is wàt wy presys leauwe, mar dat it neitinken oer sokke saken wol fan belang is. Ik bedoel te sizzen, dat it wichtich is om nei te tinken oer godstsjinst, oer it libben, de dea, de sin fan it libben, mar dat it úteinlik allinne mar in helpmiddel is.

Want jo kinne noch sa religieus of spiritueel wêze, mar by moaie tinzen kin it net bliuwe. De Ingelsken sizze: "the proof of the pudding is in the eating". Frij oerset: it bewiis fan de pudding is pas levere as er smakket.

It bewiis fan de religieuze minske leit foar my yn syn hanneljen en yn syn dieden. Dêr giet it om. Om it mei de profeet Micha (haadstik 6) te sizzen: "Der is dy klear te witten dien, minske, wat goed is en wat de Heare fan dy wol: rjocht dwaan, de trou heech hâlde en mei ferstân dyn wei gean mei dyn G-d!"

Yn guon rjochtingen fan it Kristendom seit men, dat wy allinne behâlden wurde kinne as wy leauwe yn Jezus en de teory fan de fersoening. Iksels leau mear yn wat Joadske skriftgelearden betocht hawwe. Se seinen: stel, dat der in minske is, dy't net yn G-d leaut, mar dy't wol de wil fan G-d docht. Hy is om it koart gear te fetsjen in tzaddik, in rjochtfeardige. Se komme ta de konklúzje dat sa'n minske behâlden wurde sil. Mei oare wurden: it giet net om de lear, mar om ús hanneljen en ús dieden. As wy dogge wat Micha seit, dan sil G-d geunst bewize oan it tûzenste geslacht fan dy't Him leafhawwe en syn geboaden ûnderhâlde.

Foar ús dy't grutbrocht binne mei Bibel en tsjerke, docht it faak sear as wy sjogge, dat tsjerken slute en jongfolk neat mear wit fan de Bibel. Ek de Joadske skriftgelearden wisten net hoe't in minske dy't net yn G-d leauwe, wol de wil fan G-d dwaan koe. Mar se wisten wol, dat it foar G-d en minsken net draait om it wurd, mar om de died.

Jan Lautenbach

## Meidielings

### Gearkomsten

21 augustus 14 oere Kommisje ER yn De Pein

### Kofjedrinken

Snein 6 oktober en 1 desimber o.s. is der nei de tsjinst kofjedrinken (yn de Agnes tsjerke).

### Kollektes foar in goed doel

Yn 2018 hat it bestjoer besletten dat oant en mei ein 2019 de opbringst fan dizze kollekte wer te'n goede komme sil oan de Jan Jochums Visser Stifting. Hja sammelje jild yn foar de Grace Mountain Mission, dy't har ynset foar ûnderdak en ûnderwiis oan kânsearme bern op it eilân Luzon yn de Filipinen.

By ferkeard adres werom nei: Wiesterwei 12, 9143 WJ Nes

### Lêzing fan

### Jan Hiemstra en Freerk van der Wal oer 'de warbere bij'

Op sneon 19 oktober o.s. om 19.30 oere is der yn de Agnes tsjerke yn Earnewâld in lêzing oer ymkerjen, oftewol it hâlden fan bijen. Elkenien hat yn de grutte parse lêze kinnen fan de bedrigings foar de bijestân en dat se ûnmisber binne foar lân- en túnbou en natoer. De lêzing - mei demonstraasjes fan it praktyske ymkers wurk - wurdt fersoarge troch ymkers Jan Hiemstra en Freerk van der Wal.



Under de lêzing sille Tjibbe Reitsma en Jan van der Wal in pear kear soargje foar in stikje muzikale ynfolling fan de jûn. Jim binne allegearre fan herten wolkom. Yntree is fergees. By de doar is der in kollekte foar de ûnkosten.

Jan van der Wal

Ût namme fan it bestjoer fan it FOWE